

# Frysk en Frij yn in oar perspektyf

WAT IS lytsskalich en wat grutskalich? Frysk en Frij is lytsskalich, dêr hoege wy net oer te hottefyljen. Mar de Ljouwerter Krante en it Frysk Deiblêd? Ferlike mei Frysk en Frij binne dy fansels grutskalich. Mar ferlike mei bygelyks it Algemeen Dagblad en de Telegraaf?

Yn it ljocht fan it aggressive besykjen fan beide lêsten om ek to uzes mear lêzers te krijen, mei it in wûnderke hjitte, dat yn ús lytse provinsje noch twa selsstannige deiblêden binne, dy't it

## Te gast

### johanneke liemburg

deputearre

blykber hiel aardich slagget en hâldt de holle boppe wetter. Miskien hat dat te meitsjen mei ús eigen taal.

Jo kinne Ljouwerter en Deiblêd sjen as de grutskalige bedriging foar it lytse Frysk en Frij, sa't prof. dr. Tony Feitsma besiket yn har „Te gast” fan 15 jannewaris 1988. Mar jo kinne de saak ek fan in hiel oare kant benaderje. In oare benadering, dy't op termyn foar it Frysk wolris mear fertuten hawwe koe.

De ferliking fan Ljouwerter Krante en Frysk Deiblêd mei Algemeen Dagblad en Telegraaf is net tafallich. Beide Hollânske kranten krije ek yn Fryslân hieltyd better de fuotten ûnder it gat. Beide blêden rjochtsje har boppedat op de lêzers, dêr't ek ús Fryske kranten it fan ha moatte. Dat binne gauris minsken, dy't gjin twa abonneminten betelje kinne of wolle.

Hoefolle krityk der ek wêze kin op it plak fan it Frysk yn Ljouwerter en Deiblêd, as se de slach ferlieze, wurdt it der foar it Fryske taalgebrûk moai wis net better fan. Hjir giet it om yn de striid tusken de grut- en lytsskalichheid. Frysk en Frij is yn it ljocht hjirfan inkeld in râneferskynsel.

FEITSMA'S byld fan it idéalistyske Frysk en Frij kloppet net. De redaksjonele tradysje dy't hja neamt, bestiet net, om't it blêd fierhinne ôfhinklik is fan wat frijwilligers oan kopij ynleverje. As dy bydragen in ûnthjit ynhâlde foar de takomst, kinne dy frijwilligers har wurk rille-gau tsjin betelling earne oars kwyt. Boppedat ferskilt it oansjen dat Klaas Jansma it blêd joech yn 'e begjintiid fan Frysk en Frij en de oanpak fan Sietse de Vries om '83 hinne, nochal fan de jierren dêrtusken en dêrnei.

Wat prof. Feitsma as rykdom foarstelt, de ynset fan frijwilliges, is tagelyk de earmoede fan it blêd, want it is in behindering foar de kontinuïteit. It soe foar Provinsjale Steaten in eare wêze moatte om subsidzje te jaan foar selswurksomens oan de basis mei sokke goede risseltaten, seit Feitsma. Miskien, mar dan as sosjaal-kultureel wurk of as wurkgelegenheidsprojekt en dêrfoar wurde yn 'e regel net sokke bedragen oer sa'n rige fan jierren beskikber steld.

FRYSK EN FRIJ wurdt troch de provinsje subsidiearre, om't yn it ramt fan it belied foar ús eigen taal in Frysk wykblêd, skreaun foar in grut publyk, hiel wichtich fûn wurdt. It meitsjen fan sa'n blêd freget om kontinuïteit en in dúdlik redaksjoneel belied.

Sa'n blêd freget der foaral om by de minsken brocht te wurden. Net yn't foarste plak by dy minsken dy't dochs wol Frysk lêze, mar by dyjingen dy't de drompel noch oer moatte. Dat binne der folle mear as fiiftûzen;

neffens it ûndersyk „Taal yn Fryslân kinne mear as 380.000 ynwenners fan Fryslân it Frysk lêze. Rom hûnderttûzen lêze it sels hiel maklik, 90.000 lêze it goed. It berikken fan dy minsken freget om in beropsmjittige oanpak; dat bedoele wy mei kwaliteit, en dêrom om mear jild as de Provinsje ea oan Frysk en Frij besteegje kin.

De Fryske deiblêdútjouwers ha bewiisd, dat se in krante meitsje kinne foar in grut publyk. Dy witte ek hoe't réagearre wurdt op mear en minder Frysk yn 'e krante. Miskien ha se yn-sjoch yn de doelgroep, se hawwe yn alle gefallen de fasiliteiten om de útjefte fan sa'n blêd mooglik te meitsjen.

Wêrom is it dan nea bard? Om't it útjaan fan in Frysktalich wykblêd noait út kin. Der moat jild by.

In kommersjeel bedriuw wol winst meitsje, sa ek de Provinciale Persvereniging, útjouwer fan it Frysk Deiblêd, en de Friese Pers, útjouwer fan de Ljouwerter Krante en fan Fryske boeken. Mar beide hawwe ek in ideële tradysje. De leden fan de Persvereniging hawwe grutte prestaasjes levere om it Deiblêd mei de tiid meigean te litten. Yn de Friese Pers sit de Fryske stichting Je Maintiendrai, dy't al mannich Fryske saak stipe hat. As ien fan beide no fakkennis, fasiliteiten en jild ynsette wol foar de útjefte fan in Frysktalich wykblêd en de provinsje docht dêr foar de taalbefoarderjende kant jierliks in dofke by, soe sa'n blêd der dan net komme kinne, sûnder winst, mar ek sûnder ferlies?

Der hat earder praat west oer de oername fan Frysk en Frij toch de Fryske deiblêden en beide wolle der fanwege dy ûnderfining, no net mear oer prate. De Provinsje moat earst mei Frysk en Frij rêde.

Dan noch is it de fraach, oft der wat nijs komt, want de Steaten moatte ynstimme mei in eventueel nij plan en de bydrage dy't frege wurde sil en beide blêden binne ek inoars konkurrinten. Wy witte wat wy ha en net wat wy krije. Mar salang't Frysk en Frij der is, komt der yn alle gefallen neat nijs.

FOAR Deputearre Steaten spilet lykwols noch wat oars en dat is wichtiger. It is by Frysk en Frij net inkeld idéalisme. It blêd krige yn de santiger jierren de finansjele fuotten ûnder it gat om't de útjouwer, de stifting Jacobus van Loon, handich gebrûk makke fan de gatten yn 'e provinsjale subsidzjeregelingen. It subsidzje foar it blêd waard hieltyd heger en fan de administrasjonele doogde net folle.

Yn '83 ha de Steaten de saak op in rychje set: it subsidzje fan Frysk en Frij waard fêststeld op heechút 150.000 gûne jiers, ûnder in tal betingsten. De administrasjonele moast ynoarder, tal nummers, tal siden en abonnemintspriis moasten omheech en der moast stribbe wurde nei 7.000 abonnees. Yn '87 soe besjoen wurde, wat dêrfan op 'e hispel kaam wie.

Ein '85 frege de stifting Jacobus van Loon de provinsje om de kritearia opnij te besjen. Dat hat it provinsjaal bestjoer net wold, en dêr is de stifting skriftlik fan op 'e hichte steld. Likegoed hat it bestjoer amper aksje ûndernommen, ûnder it Fryskeigen motto, dat it allegear wol wat tafalle soe. Dat yn frysksinnige rûnten sa faak tapaste Frysk-eigen motto is de deastek foar it Frysk. As wy it mei it Frysk goed miene, dan moat it net wat mear lije kinne om't it Frysk is. Dêrmei dogge wy ús-sels tekoart.

De frijwilligers moatte mei har klachten by it eigen stiftingsbestjoer wêze, dat warskôgings fan de provinsje net ernstich nommen hat. Deputearre Steaten hawwe dizkear neat oars dien as har oan de regels hâlde.